

**E-mail DFS:**

[skriuwer@friesdammen.nl](mailto:skriuwer@friesdammen.nl)

**Ynternet:**

[www.friesdammen.nl](http://www.friesdammen.nl)

**Webmaster:**

Jesse Jan Boschma en Sjoerd Teake  
Kooistra [st.kooistra@hotmail.com](mailto:st.kooistra@hotmail.com)

**Damklups:**

❖ “**Nocht&Kriich”**

Aldegea-SWF, F.Groenveld, Riperwei 6,  
8623 XH De Jutryp 0515 - 424517  
[groenveldf@hotmail.com](mailto:groenveldf@hotmail.com)

❖ “**De Skyfkes”**

Blauhús, L. Altena, Arkumerleane 4,  
8764 PP Dedzjum, 0515 - 579011  
[jantsje.leo@kpnmail.nl](mailto:jantsje.leo@kpnmail.nl)

❖ “**Stryk Op”**

De Gaastmar, S.Attema, Hellingpaed 26,  
8611 JR De Gaastmar, 0515 - 469704  
[shattemea@hotmail.com](mailto:shattemea@hotmail.com)

❖ “**Hallum”**

Harmen van der Meer, Luniastate 15,  
9074 MC Hallum, 0518 - 431003  
[harmenvandermeer@hotmail.com](mailto:harmenvandermeer@hotmail.com)

❖ “**Hartwert e.o.”**

Sjoerd Teake Kooistra, Gabbemastr. 21,  
8701 EE Boalsert, 06-17316709  
[damkluphartwert@live.nl](mailto:damkluphartwert@live.nl)

❖ “**De Rûge Wolf”**

Lollum, L.Westra, Waaksenserwei 2,  
8823 SX Lollum, 0517 - 469245  
[liuwe.westra@mensa.nl](mailto:liuwe.westra@mensa.nl)

❖ “**O.K.K.” Jorwert**

Siebren Dijk, Sluytermanwei 12-14,  
9023 AB Jorwert, 058 - 2519992  
[siebrendyk@gmail.com](mailto:siebrendyk@gmail.com)

❖ “**De Stadige Strikers”**

Skearnegoutum, Bauke Bos, Heemstrastrj.20,  
8521 KH Sint Nyk 0513 - 432782  
[baukebos@home.nl](mailto:baukebos@home.nl)

**Freoneklup:**

Dammers om utens en oaren dy't by it Frysk Damjen belutsen wêze  
wolle, kinne lid wurde fan de Freoneklup. It ledejild is € 15,- Men hat it  
rjocht om aan alle wedstriden diel te nimmen en kriget it Bûnsblêd.

# **ÚTBROCHT TROCH IT DAMBÜN FRYSK SPUL**

39 ste jiergong

nûmer 2

febrewaris 2018

## ***Einredaksje:***

Folkert Groenveld, Riperwei 6, 8623 XH De Jutryp  
Till. 0515 – 42 45 17 mail: [groenveldf@hotmail.com](mailto:groenveldf@hotmail.com)

**Lêzersjild:** fergees foar leden fan it Dambûn Frysk Spul.  
€ 17,50 foar oaren (ynkl. porto)

## **Betelling en administraasje:**

Fedde Wiersma, Van Eijsingaleane 21, 8734 GD Easterein

/IBAN NL40RABO 034.95.02.072

Under fermelding fan: Bûnsblêd + jiergong

It Dambûn Frysk Spul is oprjochte yn 1932. Elts jier organisearret it bûn ferskate persoanlike kampioenskippen yn ferskate klassen en as ien fan de hichtepunten yn it seizoen, de klupkampioenskippen yn Easterein op de twadde as tredde sneon fan jannewaris.

## ***Bestjoer:***

- Foarsitter: Liuwe Westra, Waaksenserwei 2, 8823 SX Lollum  
[liuwe.westra@mensa.nl](mailto:liuwe.westra@mensa.nl) 0517-469245
- Skriuwer: Fedde Wiersma, Van Eijsingaleane 21,  
8734 GD Easterein, [wiersmafedde@gmail.com](mailto:wiersmafedde@gmail.com) 0515-332401
- Ponghâlder: Jelle Wiersma, Roede 1, 8732 CT Wommels,  
[jellewiersma@kpnplanet.nl](mailto:jellewiersma@kpnplanet.nl) 0515-335349
- Ferskate kommisjes

## **OER ALLES FERSKYNT TRIJE KEAR YN IT JIER**

## FAN DE REDAKSJE

(Folkert Groenveld)

Yn de twadde Oer Alles fan dit damjier omtinken oan in soad dammerijen. De wedstriidlist is moai fol. Om de wike wurdt der ek noch damd te Hartwert troch de 55-plus. It klupkampioenskip is ferspile. En fierder noch partijen, standsjes en iepeningen. Under mear fan Jurjen Tolsma, lang lyn en hiel moai. Knilles hat it lêste wurd mei syn kolumn.

## FANÚT IT HAADBESTJOER

(Liuwe Westra)

De kommende en de geande man

Gewoanwei soe ik hjir skriuwe moatte dat it seizoen foar de Fryske dammers wer los gien is, mar dat kloppet net mear: de hiele simmer is der yn it Hartwerter Terphûs gewoan trochstrutsen, ûnder lieding fan Piet Sikma.

Wat wol as fanâlds wie, wie de bûnsgearkomste yn oktober, dêr't fertsjintwurdigers fan alle klubs elkoar troffen om de nedige saken te regelen. Ien dêrfan wie de besetting fan it bestjoer, want ús skriuwer Siebren Dyk fan 'e Jorwerter klub hie syn termyn der mear as op sitten, en woe it stokje graach oerdrage. Dat slagge, want Jelle Wiersma fan 'e Stadige Strikers, mar ek mei in klub-yn-'t-wurden yn syn wenplak Wommels, wie ree om dat stokje oer te nimmen. Dat wol sizze: net hielendal itselde stokje: Jelle is ús nije ponghâlder, en Fedde Wiersma

is skriuwer wurden, allegear bekrêftige mei in daverjend applaus yn it Terphûs.



*De bûnsfoarsitter slacht op de gong foar De Friesche Club te Ljouwert. By it iepenjen fan LF2018 wie it Frysk damjen ek present.*

Ik mei Jelle en Fedde dus allebeide súkses tawinskje yn 'e nije funksje, al is Jelle dan nijer yn it bestjoer as Fedde. Iksels haw der teminsten alle betrouwen yn.

It blywt myn plicht as foarsitter om Siebren as ôfgeand skriuwer út namme fan alle dammers fan it Bûn te tankjen foar syn wurk. It skriuwerskip fan gjin inkeld bestjoer hoege jo te ûnderskatten, mar as der in Gouden Pinne, of noch moaier: in Gouden Sik bestean soe foar in skriuwer dy't der yn Fryslân útkipet, dan soe dy Siebren súnder mis takomme. Ik tink ek dat dêrom dy Gouden Sik net bestiet: der soe domwei gjin konkurinsje wêze. Siebren syn ferslaggen, oft se no wiene foar it breed publyk fan *Oer Alles* of inkeld mar ta húshâldlik gebrûk fan 'e twa oare bestjoersleden - der stiene altyd de skitterjendste Fryske wurden en útdrukkings yn, en it wie altiten in lust om te lêzen. It is spitich dat ik dêr sels as bestjoerslid mar in jier fan genietsje mochten haw, mar dat jier wie it suver as wie ik, om sa mar te sizzen, trouw mei de sjefkok fan in trijestjerrerestaurant.

Mei spyt yn it hert moatte wy Siebren dus no wer weromjaan oan it eigen wiif, en wy hoopje fansels dat wy him as sljochtwei striker wer mannich kear moetsje sille. Siebren Dyk, tige tank!!

*Alexander Shwartsman is de nije wrâldkampioen hoeks damjen. Hy hat Roel Boomstra opfolge. Hy strykt hijr mei syn vrou, de Tsjechyske Petra Dubrova. Se strike yn potsje FRYSK!*

*By it Frjentsjer lepen is Shwartsman wer fan de partij.*



## **FOEKE TIEMENSMA LÊSTE KAMPIOEN LITTENSERADIEL**

(Siebren Dyk)

Der hong by de prisútrikking dan dochs wat in sfear fan mankelikens ûnder de balken fan kafee "Het Wapen van Baarderadeel" yn Jorwert. It hie de lêste kear west dat der om it kampioenskip fan Littenseradiel damme waard. Yn 2018 wurdt dy gemeente nammentlik opdoekt, dat dan komt in kampioenskip ek yn 'e loft te hingjen. Sûnt de oprjochting fan 'e gemeente yn 1984 is dêr no dus nei 32 kear in ein oan kaam. En eins hat dit kampioenskip in noch folle langere histoarje, want yn 1942 wie der al in kampioenskip fan Baarderadiel. Winner waard doe Folkert van der Werff, dy't soks yn 1997, mar leafst 55 jier letter, nochris wer flikte.

As lêste yn 'e rige pakte Foeke Tiemensma it kampioenskip. Folslein terjochte. De Frjentsjerter wûn alle fjouwer partijen, en weefde yn 'e tredde omloop op superieure wize mei neiste konkurrint Marten Walinga ôf, mei in prachtige kombinaasje, dêrt' Walinga wol even de sportive hoed foar ôfnimme woe. Dat de Waaksenser sa fier kommen wie, wie likegoed al in lyts wûnderke. De earste jûns moast er nammentlik earst noch út Rotterdam komme. Pûstend op 'e lêste diseldampen kaam er yn Jorwert oan, dêrt' de al yndrukte klok him noch minder as tsien minuten joech. Dochs slagge it him om al fluchdamjend Dicky van der Meer te ferslaan. Dy Terhernster hie yn Jorwert syn dagen dochs al net, want hy ferlear alles. De earste jûns like it mei Folkert Groenveld oars deselde kant út te gean, mar tanksij in weropstanning op 'e twadde jûn fan it toernoai bedarre Folkert noch yn 'e middenmoat, mei likefolle punten as Cor Kooistra, mar dy koe tanksij in better SB dan krekt wol it fleispakket fan 'e tredde priis yn ünfangst nimme.

Yn 'e B-klasse begûn Siebren Dyk mei in ferliespot. Yn 'e tredde omloop wûn er lykwols fan neiste konkurrint Douwe Nammenga, en dat smiet úteinliks tanksij in geunstiger SB de earste priis op. Nûmer ien yn 'e C-klasse waard de Jorwerter Jelte Dykstra. Hy moast allinnich oan syn oerbuorman Mathieu van den Bogaard in kampspul tastean, dat nammers ek it iennichste lykspul wie fan it hiele toernooai.

It Littenseradieltoernooai hie dit jier wat minder dielnimmers as de lêste jieren. Tsjinoer it ideale spyltempo fan 45 minuten hat it as neidiel dat de dammers twa jûnen beskikber wêze moatte. Dat slagge sels twa bestjoersleden fan it organisearjende OKK dit jier net. Likegoed is de stimming yn Jorwert wol sa dat der sterk oer neitocht wurdt om de rige

mar gewoan fuort te setten. Mar om hokker kampioenskip der dan yn 2018 damme wurde sil, dêr is ynearsten noch ûnwissigens oer.

Einstannen Littenseradielpartij 2017 (by in gelikens tal punten besliste it SB):

A-klasse: 1. Foeke Tiemensma, Frjentsjer 4 punten; 2. Marten Walinga, Waaksens 3; 3. Cor Kooistra, Nijlân 2; 4. Folkert Groenveld, Jutryp 2; 5. Rinze Schukken, Hilaard 1; 6. Dicky van der Meer, Terherne 0.


B-Klasse: 1. Siebren Dyk, Jorwert 3; 2. Douwe Namminga, Winsum 3; 3. Fokke Looijenga, Weidum 2; 4. Jan Nauta, Bitgummole 2; 5. Frans Klingma, Jorwert 1.

C-klasse: 1. Jelte Dykstra 2,5; 2. Bonne Hylkema, Jorwert 2; 3. Gertjan van Kamp, Jorwert 2; 4. Mathieu van den Bogaard, Jorwert 1,5; 5. Emke Dykstra, Sint Nyk 1.

## HET WERK VAN EEN GENIE

(Taeke Kooistra)

In het dorp Sint Jacobiparochie in de Friese Bilthoek woonde Jurjen Tolsma, geboren op 15 mei 1886 en overleden op 6 april 1966. In het damarchief ontdekte Marten Walinga een notitieboekje uit de nalatenschap van Jurjen Tolsma. Uit dit notitieboekje behandeld Marten in een boekwerk de eerste van de meer dan 70 openingen die hier in staan vermeld. Het specifieke van dit werk is, dat bijna alle voortzetten, op een duidelijk diagram door Walinga wordt weergegeven. Na een grondige analyse worden er in totaal 53 in diagramvorm gepresenteerd.



In de praktijk wordt deze opening niet of nauwelijks meer gespeeld , maar uit de uitvoerige analyse en onderbouwing van zetten blijkt dit een onterechte conclusie.


Een aantal voortzetten uit het boekwerk worden hier behandeld.

Zoals aangegeven door Tolsma is de voortzetting 46-41 na 11-17 prima speelbaar. Speelt zwart 18-22 dan vloeien uit deze voortzetting direct al een aantal dreigingen.

De juiste zet voor wit is 33-28 22x33  
43x14 10x19.

Vanuit de diagramstand heeft wit een aantal keuzes,  
maar 49-43 is de beste.


Kiest wit voor een andere optie dan volgen er prachtige combinaties of zwart haalt positioneel voordeel. Maar ook na 49-43 komt zwart met geniale voortzettingen.



Dit gaat ook op als zwart na 49-43, 5-10 speelt.

Wit kan nu op dam komen via 32-27 17x46 47-41 46x29 34x5 dit ten koste van een schijf.

Of dit voor wit de juiste voortzetting is ontdekken jullie als alle mogelijkheden zoals vermeld in het boek worden doorlopen.



Slechts drie van de 53 diagrammen worden hier getoond uit deze en de overige diagrammen komen verrassende zetten, geniale combinaties, en fraai slagwerk tevoorschijn. Na bestudering van alle voortzettingen en varianten die in dit boekwerk zijn weergegeven hebben op mij enorm veel indruk gemaakt.

Terecht is de titel van het boekwerk " Het notieboekje van een Genie " een prachtig en leerzaam boek waarin je ontdekt hoe uniek het Fries dammen is. Een boek die iedere dammer in zijn bezit moet hebben.

Met dank aan Marten voor het samenstellen van dit bijzondere boekwerk.

## **JONGEREINDAMJEN OP DE GAASTMAR, 11-11-2017**

(Liuwe Westra)

De earste jeugdwedstryd fan it seizoen hie 14 dielnimmers. Dat hie wol minder kinnen (ek wol better), mar wat wol spitich wie, wie dat de dammers mar fan twa klubs kamen: Blauhús en De Gaastmar. En dan levele De Gaastmar ek nochris de jeugd, en Blauhús de pupillen ...

Dit binne de útslaggen. Begjimmers:

Jurre Jansen - Neeltsje Ykema: 1-0

Marcus Kroon - Wytse Wiegersma: 1-0

Wytse - Jurre: 0-1 Neeltsje - Marcus: 1-0

Jurre - Marcus: 0-1 Neeltsje - Wytse: 1-0

Fjirde priis foar Wytse (spitigernôch noch gjin punten), en Jurre, Neeltsje en Marcus moasten der noch eefkes om damje mei elk 2.

Neeltsje - Jurre: 0-1 Marcus - Neeltsje: 1-0 Marcus - Jurre: 1-0

Dus tredde priis foar Neeltsje, preemje foar Jurre en priis foar Marcus.

By de begjimmers sitte dûdlik nije talinten en sterke damgenen, dus hjir sit wer hope yn foar de takomst. Let op de oerwinning fan Neeltsje

Ykema op Marcus Kroon (eins al gjin beginner mear)! En Jurre Jansen en Wytse Wiegersma binne dûdlik dammers dy't fan it beginj ôf leard hawwe wêr't it spultsje om giet: earst goed útsjen, dan tinke, en dan pas skowe. In goeie styl, dêr't wy grif noch net it lêste fan sjoen hawwe!

By de pupillen wiene dit de útslaggen:

Willem Kroon - Eelco de Wolff: kam

Hidde Rypkema - Dietmer Oppedyk: 0-1

Dietmer - Willem: 0-1 Eelco - Hidde: 0-1

Willem - Hidde: 1-0 Eelco - Dietmer: 0-1

Dat joech in kreaze útslach: fjirde priis foar Eelco mei in heale punt, tredde foar Hidde mei 1 punt, preemje foar Dietmer mei 2 punten, en priis foar Willem mei 2½. De Kroanen binne dus oppermachtich, mar fersin jim net. Willem moast just tsjin Eelco in heal puntsje ynleverje, dus it leit hiel ticht byinoar!

Dan hirby de jeugd, yndield yn twa groepkes fan trije, mar damjend yn ien pûl fan seis.

Feike Wiegersma - Sietse van Netten: 1-0

Herre-Klaas Ykema - Rauke de Hoop: 0-1

Rinke Zeilstra - Wiebren Ykema: 1-0

Rauke - Feike: 1-0 Herre-Klaas - Wiebren: 1-0 Rinse - Sietse: 0-1  
Feike - Wiebren: 0-1 Rauke - Sietse: 1-0 Rinse - Herre-Klaas: 0-1  
Dat betsjut yn it earste groepke tredde priis foar Sietse, preemje foar  
Feike (beide 1 punt; ûnderling risseltaat), priis foar Rauke (3 punten); yn  
it twadde groepke tredde priis foar Wiebren, preemje foar Rinse (beide  
1 punt, ûnderling risseltaat) en priis foar Herre-Klaas (2 punten).



## **FRYSK! FOAR SKOALBERN YN TRESOAR TIGE SLAGGE**

(Marten Walinga)

Fan 'e njoggen teams dy't meidiene wie op 'en nij it team út Aosta fan basisskoalle Eugenio Martinet ûnder lieding fan harren entûsjaste trener Paolo Faleo de sterkste.

Faleo treent meiinoar 200 bern yn ûnderskate farianten fan it damspul (Italjaansk, Hollansk, Frysk) en naam syn 6 sterkste spilers mei nei



Fryslan ta. Dat wie te fernimmen! Mei trochinoar 5,5 punt út 7 omlopen koene de Italjanen alle Fryske ploegen oer. Ek de yndividuele priis gie nei ien fan 'e Italjaanske dammers, de 12-jierrige Jacopo Anania.

It twadde plak wie foar de Sint Gregorius-skoalle ut Blauhús mei 8 spilers mei trochinoar 3,94 punten. De rest fan de teams einigen as folget:

3 It Fûnemint, Wommels, 9 spelers, 3,83 pt.

4 De Lege Geaen A, Sibrandabuorren, 6 sp., 3,67 p.

5 De Twatine A, Gau, 7 sp., 3,21 p.

6 De Lege Geaen B, Sibrandabuorren, 5 sp., 3 p.

7 Van Haersma Buma-skoalle, Jutryp-Hommerts, 5 sp., 2,9 p.

8 De Twatine B, Gau, 7 sp., 2,5 p.

9 Klaver Trije, Aldegea (SWF), 1,83 p.

De top tije: flnr. Davide Gemma, Jacopo Anania en Harmen Jacob Postma fan Wommels.

Hjir njonken noch in foto fan de damseal yn Tresoar.

## **TAEKE KOOISTRA – FOEKE TIEMENSMA, HARTWERT 6-1-2018**

(Folkert Groenveld)

Foeke Tiemensma hat de lêste twa jier de Zilwo-beker wûn. Dat is de priis foar de bêste seisoensprestaasje. In earste as in twadde plak by in priisdammerij smyt punten op. En in heech plak by de kampioenskippen ek. Foeke komt op hast alle dammerijen. En ek dit jier hat er al wer hiel wat punten helle. Sa ek op de tradysjonele damdei te Hartwert op de earste sneon fan it nije jier. Mei Taeke Kooistra helle hy in dield earste plak yn de Eare Klasse en mocht nei lotting mei de priis nei Frjentsjer. Harren ûnderlinge partij wie nei in moai spul kamp wurden. Foeke Tiemensma hie swart.

**1.31-26 20-25 2.37-31 14-20 3.32-27 17\*37**

**4.41\*32 11-17 5.47-41 7-11 6.41-37 19-24**

Wyt giet ‘foar de rún lâns’.

**7.34\*14 10\*19 8.40-34**

Yn dizze stân (diagram 1) kin swart samar 8. ...4-10 dwaan.

Mar dan is it dien. Wyt hellet út mei de Tytsma-set:

9.26-21! 16x47 10.32-27!

17x26 11.36x7 2x11

12.34-30 25x32 13.42x4 5x3

14.35-30 47x35

15.45x25

**8. ...1-7 9.31-27 17-21**

Nei 9. ...4-10 kin folgje

10.27-21! 16x47 11.42-37

47x27 12.32x1 7-11


13.1x14 10x19 mei lykwicht


**10.26\*17 11\*31 11.37\*26 16-21 12.26\*17 18\*16**

**13.42-37 12-18** Op ‘e njî foar de rún lâns.

**14.37-31 16-21 15.31\*11 7\*16 16.44-40 5-10**

**17.50-44 10-14** Beide spilers bouwe in sletten formaasje op.





Dat feroaret nei de ôfruil.

**18.34-30 25\*34 19.39\*10 14\*5**

**20.40-34 15-20**

**21.44-39 5-10 22.34-30 20\*40**

**23.35\*44 10-14**

(sjoch diagram 2)

Kin wyt oanfalle op de dûbele hoeke? Troch 32-27, 38-32, 43-38 en dan 27-21.

**24.39-34 19-24** Fansels net


25.34-29? om 14-19, 19-24, 18-23 etc.

**25.48-42 13-19** Tiemensma ferienfâldiget net mei de ôfruil troch 18-22.

**26.44-39 24\*44 27.39\*50 19-24**

Wie de ôfruil troch 34-30 better west foar wyt?

**28.42-37 14-20 29.43-39 9-14**



(sjoch diagram 3)

**30.33-28 30.39-34 24x44 40.49x40**

is goed **30. ...14-19**

30. ...24-30 as 18-22 31.28x17

16x18 kin ek **31.37-31 18-23**

Tiemensma set it der dreech op.

**32.39-34 24\*44 33.45\*43 20-24**

Wyt liket der no wat minder goed op te kommen. 33.49x40 hie better west en swart set wyt no ûnder druk. Oan de linkerkant binne der net folle mooglikheden.

(sjoch diagram 4)

### **34.43-39 3-9**

Nei 34. ...24-30 hie wyt foarearst net ôfruilje kind.

**35.39-34 24\*44 36.49\*40 9-14**

**37.50-44 14-20 38.44-39 4-10**



**39.39-34 10-15 40.38-33 23\*43**

**41.34-29 19\*39**

**42.40\*49 20-24**

Nei dizze ôfruil liket wyt wer spul en streek te hawwen.

Mar stiet eins ferlern!



In pear farianten:

43.31-26 8-12 (driget 12-17 en 17-21) 44.32-27 12-17 45.27x7 2x11  
as 44.49-44 15-20 45.44-40 12-17  
46.32-27 17x37 47.36x38 16x36  
48.46x26 6-11 49.28-22 2-8

En ek nei

43.46-41 15-20 44.41-37 24-30  
45.49-44 20-25 46.31-26 2-7

Is it dien foar wyt.



Swart lit no kâns op kâns lizze.

**43.32-27** Nei 43. ...16-21 44.27x16 6x37 45.36x38 8-12 46.46-41 12-17  
 47.41-37 2-7 is de grutte driging 17-22 etc. foar wyt net mear foar te  
 wêzen. Nei 48.37-32 stiet wyt ek  
 samar fêst. En ek nei bygelyks  
 46.38-33 15-20 47.46-41 20-25  
 48.41-36 12-17 49.36-31 2-7  
 ferliest wyt.

**43. ...15-20? 44.31-26 24-30** en  
 hijir is 20-25 foar swart folle  
 better.

**45.49-44 20-25** 45. ...20-24  
 46.36-31 16x36 47.46x26 24-29  
 48.26-21 30-35 49.28x30 35x24  
 en swart sil winne.

**46.28-23** (sjoch diagram)  
 En it foardiel fan swart is fuort.



**50.26-21 8-12 51.21-16 12-18**

**52.23\*12 2\*22**

(Sjoch diagram)

Fansels net 53.16-11?? 22-27

54.31x27 30-34 55.44x24 25x1

**53.31-26 22-27 54.26\*28 30-34**

**55.44\*24 25\*32** en kamp,

Lykas nei bygelyks 53.44-39 30-34

54.39x30 25x34 55.16-11 34-39

56.11-17 39-43 57.7-1 43-49

## **FRYSLÂN KUP**

Foar it tredde jier set de Fryslân Kup wer útein. Alles ûnder lieding fan de Blauhúster Skyfkes. Der binne al trije omlopen ferdamld. Hjir folgje de útslaggen mei de lotting foar de fjirde omloop. Eltse omloop binne der ferrassende útslaggen.



Sa wûn Bauke Bos fan Marten Walinga yn de earste omloop:  
Hein de Vries - Tjerk Wijbinga 0-1 Teake Kooistra - Marcel Altena 1-0  
Siebren Dijk - Bauke Dijkstra 0-1 Dicky v.d.Meer - Siebe Walinga 0-1  
Sjouke Attema - Willem Hoekstra 0-1 Bauke Bos - Marten Walinga 1-0  
Jelle Wiersma - Sietze de Jong 1-0 Leo Altena - Folkert Groenveld 0-1  
Gertjan v.Kamp - Beke Haanstra 1-0 Piet Sikma - Klaas Wiersma 0-1  
Manfred de Wolff-Liuwe Westra 1-0 Jappie de Jong – R.J.Walinga 1-0  
Willem Schaap - Eppie Bootsma 1-0 Cor Kooistra - Jurjen Frankena 1-0  
Pieter Hoogterp-Fedde Wiersma 0-1 Bernard Kroon-Johan Flapper 1-0  
Herman Terwisscha v.Scheltinga - Johannes Hoekstra 1-0

En knikkere Willem Hoekstra kampioen en twa-fâldich Kup-winner Jelle Wiersma yn de twadde omloop út it toernooi.

Willem Hoekstra-Jelle Wiersma 1-0 Bernard Kroon - Siebe Walinga 0-1  
Herman Terwisscha v.Scheltinga - Bauke Bos 1-0 Taeke Kooistra frij  
Klaas Wiersma - Tjerk Wijbinga 0-1 Willem Schaap-Gertjan v.Kamp 1-0  
Manfred de Wolff - Bauke Dijkstra 1-0  
Jappie de Jong-Fedde Wiersma 0-1 Folkert Groenveld-Cor Koostra 1-0

Lykswols moast Willem Hoekstra syn meardere erkenne yn Herman Terwisscha van Scheltinga.

De tredde omloop Folkert Groenveld- Taeke Kooistra 0 - 1  
Fedde Wiersma - Siebe Walinga 0 - 1 Tsjerk Wijbinga frij  
Willem Schaap - Manfred de Wolff 1-0  
Herman Terwisscha van Scheltinga - Willem Hoekstra 1 - 0

En foar de fjirde omloop is sa lotte  
Siebe Walinga - Herman Terwisscha van Scheltinga  
Teake Kooistra -Tsjerk Wijbinga en Willem Schaap hat frij

## **FOEKE TIEMENSMA WINT STRYK-TA SKEARNEGOUTUM**

(Cor Kooistra)

Oan it Stryk-ta toernoai, sponsore troch Wiersma accountants, yn Skearnegoutum ha wol ris mear dammers meidien. Lykwols joegen de 20 spilers en spylsters yn in sportive sfear de dampartijen har gerak. Guon dammers makken hiel hurd dien wurk en oaren pakten safolle mooglik tiid troch fûl te wêzen op de boanus fan tsien sekonden de set. De dammers Frysk spul sizze no ek: "Moast op de klok drukke". Fûl op de ekstra tiid. It is in lust om sa op de Fischerklok te spyljen. Ien dy't soks al lang wend wie, foar't er mei de Fryske fariant begûn, is Foeke Tiemensma. Hy waard de winner yn de eareklasse. Dat hie er net te tankjen oan de Fischerklok, mar gewoan om't er it bêste damme. It die de organisearjende klup ek wer deugd dat er in oantal dammers presint wiene, dy't gewoanwei it "Hollânske" spul spylje. Twa fan dy mannen behellen ek noch in earste priis. Mooglik reitsje se noch ris finaal yn de besnijding fan dizze moaie fariant, dy't ynternasjonaal ek hieltiten mear erkenning kriget. Oan de oare kant is it sa dat har eigen spul ek hiele moaie dingen yn him hat. De ynternasjonale toppers spylje njonken it ynternasjonale spul (it Hollânsk) ek faak in yn harren lân in eigen fariant. Bygelyks it Ytaljaansk, it Tsjechysk en bygelyks it Spaansk.

Alhoewol it ploechje net sa grut wie, seach it bestjoer mei tefredenheid werom op dizze priisdammerij. Fan de tweintich dammers giene der tolve mei in priis nei hûs: seis mei in earste en seis mei in twadde priis. Allegearre prizen yn de foarm fan in oranjekoeke.

Utslaggen:

Eareklasse. Gr.1 1 Foeke Tiemensma, Frjensjer; 2 Willem Schaap, Dearsum. Gr.2: 1 Cor Kooistra, Nijlân; 2 Jelle Wiersma, Wommels.  
Haadklasse A: 1 Ype Boelens, Menaam; 2 Klaas Wiersma, Nij Beets.  
Haadklasse B: 1 Herman Scheltinga, Nijlân; 2 Bauke Bos, Sint Nyk.  
Earste klasse: 1 Lolke Huitema, Tersoal; 2 Beke Haanstra, Aldegea SWF. Twadde klasse: 1 Auke Koopmans, Skearnegoutum; 2 Tineke Teigeler. Sibrandabuorren.

## **STRYK-TA YN BLAUHÚS**

(Jappie de Jong)

Freed 26 jannewaris wie de jierlikse Stryk Ta-dammerij yn it Blauhúster clubhûs Siesa en ûndanks it wat mistige waar kamen der wol 28 dammers op ta. Der waard fansels wer damd om dy bekinde en oergrysliek lekkere taartsjes fan Bakkerij Popma, besikber stelt troch HANDELSUNDERNIMMING JAPPIE ZEINSTRA! De Skyfkes hienen yn Easterein harren sportive hichtepunt al hawn, mar dan moast dizze jûn mar in gesellich hichtepunt wurde!

Der waard om healwei achten starten yn 7 groepen fan 4 spilers, fakkundich opmakke troch Bernard Kroon dy't derfoar in grut applaus fertsjinne! In spesjaal wolkom wie der fansels foar de trije jongens fan de Gaastmar. It wie jammer dat de gryp-epidemie de jongerein fan Blauhús plat lein hie, want oars hie der in moaie ploech jongerein mei damd.

Yn de eareklasse koe Fedde it net bolwerke tsjin trije sterke dammers dy't oan mekoar weage wienen: Teake (1<sup>e</sup>) en Folkert (2<sup>e</sup>) hellen beide 2 punten en Foeke 1½ punt. In moaie opmaat foar de kommene persoanlike kampioenskippen...

De haadklasse A hie 2 útsprutsen winners yn Willem Hoekstra en Willem Schaap mar yn groep 2 makken Gatze Ykema en Klaas Wiersma der in spannende striid fan. De ûnderlinge striid wie úteinlik beslissend en sa gong Gatze mei de grutte taart oan de haal. Twadde plakken hir foar Marcel Altena, Bernard Kroon en dus Klaas Wiersma. De mannen dy't hir it measte lêst hiene fan óf de musyk (Waterstad FM draaide om en om hele minne en goeie platen) óf de gesellighied wiene Sybren Dyk en Dicky v/d Meer.


Yn de earste klasse wie Johan Flapper op dreef en wûn fan alle 3 tsjinstanders. Epke Bootsma pakte 1½ punt en dermei de lytse taart. Wat sneu bleaunen Herman TvS (sa op dreef yn de Fryslân Kup) en Sjouke Attema (hast altiid winner fan in taart) efter mei lege hannen...

De twadde klasse wie ek in útmakke saak: Bakker Johan Gerard Popma pakte alle 3 partijen mar woe syn eigen taart net opite. Dizze

koe dus moai nei de nûmer twa Beke Haanstra! En sa kwaam it dat ek Herre Klaas Ykema noch in lytse taart meinimme koe as 3<sup>e</sup> yn'e groep.

Yn de tredde klasse gongen de prizen nei 2 debutanten: Jurjen Frankena waard 1<sup>e</sup> en Almar Stegenga pakte de 2<sup>e</sup> priis. De jongerein fan de Gaastmar koe híj net tsjin op.

Sa om it midden fan de nacht wienen alle prizen útdield en koe eltsenien noch in waarme hap en/of in pilske helje. Al mei al in tige slagge jún mei in soad gesellichhied, werfoar bedankt allegear!




stiet fan alles op slach en wêr moat welke daam hinne? De tiid wie ek noch krap en Jurjen die 2.13-22 5x3 3.13x4 3x5 en hy wie de beide dammen kwyt. Mar soe dochs noch winne op ien tempo. En ek noch de priis pakke mei trije winstpartijen.

Jurjen Frankena damt noch net sa lang by Blauhús. En hy docht it poerbést. Op de app komme we him ek tsjin en pakt er gauris in punt. Hy sit híj mei wyt tsjin de jonge Wiebren van der Goot fan De Gaastmar. Feike Wieggersma en Almar Stegenga sjogge ta. Want is stiet der wol hiel bysúnder op. Jurjen hat twa dammen. En Wiebren hat niiskrekt 1. ....3-9 dien. Op de foto sjogge Jim wol dat Jurjen dijp yn de prakkesaasjes sit. En it is ek goed oppassen. Der



## FRAGMINTEN NOCHT&KRIICH

(Folkert Groenveld)





It einspul komt yn nochal wat partijen net goed ta syn rjocht. By de spilers is de piip leech, der is net folle tiid mear op de klok en mear fan soksoarte saken.

Sa stie it yn de kompetysje partij tusken Folkert Grtoenveld en Willem Hoekstra nei **46.37-31**

46. ...20-25 47.31-27! 22x31 48.40-35  
11-16 49.29-23 31-37 50.47x27 16-21

51.27x16 6x26 hie kamp wurden,  
lykas nei 46. ...20-24 47.29x20  
15x24  
48.40-34 24x44 49.45x43  
It partijferrin wie **46. ...20-25 47.40-**  
**35 11-16 48.29-24!?** 25x23  
**49.35-30** (sjoch twadde diagram)  
Wyt liket no trochbrekke te kinnen.



Der soe folje kinne 49. ...23-28  
50.47-42 28-33 51.30-24 22-28 52.24-  
19 28-32! 53.42x22 16-21 54.31x11  
6x28 55.19-13 33-38 56.13-8 38-42  
57.8-2 42-47 en wyt kin misken krekt  
kamp helje. Mar der folge **49. ...23-**  
**29!?** 50.30x17 16x18  
(sjoch tredde diagram)

Wyt moet no daalk fjild 27 besette, dan sil swart oankomme, mar der folge **51.45-40 15-20 52.40-34 18-23** En swart lit oant twa kear ta nei om kamp te meitsjen, bygelyks 51.

...18-22 52.40-34 15-20 53.34-29!

20-25

54.47-41 25-30 55.31-26 30x28

56.26-21 28-32 57.21x23

**53.31-27 6-11 54.47-41 20-25**


**55.41-36 11-16 56.36-31 23-29**

swart komt oan.

**57.34x23 25-30 58.23-19 30-34**

(sjoch fijrde diagram)

**59.19-14 34-40 60.14-10**




In daam helje op fjild 49 kin net om 31-26 etc. en swart giet nei de hoeke **60. ...40-45 61.10-5** is net goed. No hat swart noch kâns op kamp helje nei **61. ...45-50** mar gie troch de klok.


Nei 61.27-22 45-50??

62.10-5 50x41 etc. dus 61. ...16-21, mar dat ferliest ek.

It hie oars kommen nei 59. ...34-39 60.14-10 39-43 61.10-5 43-48 62.5-37 mei de fraach at swart dit noch kamp krije kin.  
(sjoch fiifde diagram)



Doe't jim redakteur te gast wie yn Baulhús foar de Fryslân Kup kaam it der tusken Leo Altena en Bernard Kroon sa op te stean.



Wat koe Bernard Kroon mei swart noch barre? Hy stie as in forst.  
Mar it bliuwt altyd oppassen.  
Fanút de diagramstân spile  
**Bernard 1. ...26-21 2.41x21 11x31**  
en doe koe wytspiler Leo Altena noch taslaan mei  
**3.45-40! 25x34 4.39x10 5x14**  
**5.32-27 31x22 6.33-28 22x33**  
**7.43x5**  
Swart koe nei **7. ...4-10 8.5x2 1x3**  
de daam noch wol mei lyk hout werom krije. Mar stie wol ferlern.

## HARTWERT KAMPIOEN MEI LYTST MOOLIKE FERSKIL

(Siebren Dijk)

It is wol faker sa dat de dielnimmers oan it klupkampioenskip fan it Dambûn Frysk Spul inoar net folle tajouwe, mar it sil selden sa spannend west as sneon yn Easterein. De klups holden inoar finaal yn it lykwicht, en dus kaam it oan op e buordpunten, sadat elke partij fan direkt belang wie. En doe luts Hartwert dochs wer oan e langste ein.

De earste omloop hie noch wol in normaal ferrin. Hartwert wûn fan Aldegea, sels rom mei 6-2. En dat Skearnegoutum sterker wie as Lollum/Waaksens, dêr seach ek net ien fan op. Mar de twadde omloop sette alles op syn kop, en dat barde foaral yn e wedstriid tusken Hartwert en Lollum/Waaksens. Yn e foarbeskôgings wie Hartwert dochs wol as de wichtichste kampioenskandidaat tipt, en as der ien degradearje moast, dan wol de Lollumer, sa wie de ferwachting. Yndied tekenen de beide leechste Lollumer buorden al gau in nul oan. Mar doe draaide it byld. De iene nei de oare Lollumer wûn syn partij, ek bûnsfoarsitter Liuwe Westra, hoewol t dy earst sels in hout yn t efter stie. De einútslach 6-2 stie as in hûs. En doe t dêrnei de Aldegeasters Skearnegoutum fersloegen, hiene alle ploegen ien punt. Noch sterker: se hiene ek allegearre likefolle buordpunten.

Doe moast yn e tredde omloop de bûter jild jilde. Elke partij die der ta. It die al rillegau blikken dat de Lollumers útpoep wiene; se kamen net fierder as 2,5-5,5 tsjin Aldegea. De striid tusken de beide favoriten Hartwert en Skearnegoutum wie spannender, al draaide it wol de kant fan Hartwert út, netsjinstande dat earsteboerdspiler Taeke Kooistra yn t lêst noch troch de klok gie. Utienliks hie dat gjin konsekwinsjes. Doe t de einstân opmakke waard, die blikken dat Hartwert krekt in heal buordpuntsje mear hie as Aldegea. Inselde minimale ferskil besliste oer de degradaasje. It ûnferwachtse slachtoffer blieks Skearnegoutum.

Yn e twadde klasse we it allike spannend. Dêr hiene de fjouwer ploegen nei twa omlopen ek allegearre likefolle wedstriidpunten. It wie yn e lêste omloop tanksij in rom útfallen oerwinning op Hartwert II dat Blauhús op it earste plak telâne kaam, mei krekt wat mear buordpunten as De Gaastmar. It wie sadwaande foar it earst yn e skiednis fan e klup dat de Blauhústers nei it heechste nivo promovearren. Hartwert II degradearre, want dat kaam yn buordpunten wer justjes minder út as Jorwert.

Dat kin takom jier noch kurieuze tastannen opsmite, want it wie krekt in kombinaasjeploech fan datselde Hartwert mei Blauhús dy t him it sterkste betoande yn e tredde klasse, ek al wiene de ferskillen dêr ek wer net hiel grut. It aardige wie híj dat der ek in ploech "Hollânske" dammers út Boalsert en Warkum meidie, en dat Lollum/Waaksens II sels in hiel kontingint echte Hollanders kontraktearre hie. Op himsels allegearre goeie dammers, mar se kamen der dochs wol efter dat de Fryske fariant fan it damjen syn eigen swierrichheden hat.

Utslaggen kampioensklasse: Hartwert - Aldegea 6-2,  
Skearnegoutum - Lollum/Waaksens 5-3; Lollum/Waaksens - Hartwert 6-2,  
Aldegea - Skearnegoutum 5-3; Skearnegoutum - Hartwert 3-5,  
Aldegea - Lollum/Waaksens 5,5-2,5.

Einstân (mei tusken heakjes it tal buordpunten): 1. Hartwert 2 (13); 2. Aldegea 2 (12,5); 3. Lollum/Waaksens 1 (11,5); 4. Skearnegoutum 1 (11).

Twadde klasse: Hartwert II - Jorwert 4,5-3,5, Blauhús - De Gaastmar 5,5-2,5;  
De Gaastmar - Hartwert II 5,5-2,5, Jorwert - Blauhús 4,5-3,5;  
Blauhús - Hartwert II 5,5-2,5, Jorwert - De Gaastmar 3,5-4,5.

Einstân: 1. Blauhús 2 (14,5); 2. De Gaastmar 2 (12,5); 3. Jorwert 1 (11,5); 4. Hartwert II 1 (9,5).

Tredde klasse: Lollum/Waaksens II - Boalsert/Warkum 2-5, Aldegea II - Blauhús/Hartwert 4-4; Skearnegoutum II - Aldegea II 3-5,  
Blauhús/Hartwert - Lollum/Waaksens II 2,5-5,5;  
Boalsert/Warkum - Blauhús/Hartwert 3-5,  
Lollum/Waaksens II - Skearnegoutum II 2-6; Aldegea II- Lollum/Waaksens II 3-

5, Skearnegoutum II - Boalsert/Warkum 7-1; Boalsert/Warkum - Aldegea II 4-4, Blauhús/Hartwert - Skearnegoutum II 5-3.

Einstân: 1. Blauhús/Hartwert 2,5 (16,5); 2. Skearnegoutum II 2 (19); 3. Aldegea II 2 (16); 4. Lollum/Waaksens II 2 (14,5); 5. Boalsert/Warkum 1,5 (12).

## **WEDSTRIIDLIST 2017 – 2018 (Z = telt mei foar Zilwo-beker)**

3 feb.	1e en 2e rûnte Persoanlik Kampioenskip	De Gaastmar, doarpshús oanfang 10 oere	
6 feb.	13.30 Hartwert, 55+ 19.30 3e rûnte PK Jorwert	opjaan foar 4 febr. 19.00 oere Piet Sikma, 0515-569561	
10 feb.	4e en 5e rûnte Persoanlik Kampioenskip	Aldegea-SWF, It Joo, oanfang 10 oere	
17 feb.	6e en 7e rûnte Persoanlik Kampioenskip; finales kampioenskip jeugd en pupillen	Skearnegoutum , Swettehús 10 oere Oanfang 14.00 oere (jeugd en pupillen).	Z
20 feb.	13.30 Hartwert, 55+	opjaan foar 19 feb. 19.00 oere	
27 feb -2 mrt	Fryslân Open, <a href="http://www.frisiandraughts.com">www.frisiandraughts.com</a>	Frjentsjer (klippers)	
2 en 3 mrt	Grutmasterertoernoai	Frjentsjer (stedhûs)	
4 mrt	Wrâldkampioenskip FRYSK!	Frjentsjer (stedhûs)	
6 mrt.	13.30 Hartwert, 55+	opjaan foar 5 mrt. 19.00 oere	
16 mrt	Fluchdamkampioenskip, Switsersk systeem	Hartwert, oanfang 19.15 oere	Z
20 mrt.	13.30 oere Hartwert, 55+	opjaan foar 19 mrt. 19.00 oere	
27 mrt	Hartwert, 55+ 13.30 oere	opjaan foar 26 mrt 19.00 oere	
3-13 a.	Nederlânsk kampioenskip	Harns	
6 apr.	Klubhûs SieSa Blauhús, finale Fryslân Kup + Kampioenskip froulju, opjefte wiersmafede@gmail.com	19.00 oere. Opjefte FRYSK 13 apr. Fan 19-21 oere by B. Kroon 06-22684264 of <a href="mailto:b.h.kroon@hotmail.com">b.h.kroon@hotmail.com</a>	
17 apr. etc.	Eltse tiisdei Simmerdamjen 13.30 Hartwert, 55+	Organisaasje, Piet Sikma, 0515-569561	
3 - 10 aug.	Wrâldkampioenskip Frysk damjen	Ljouwert	

55+ damjen opjaan by Piet Sikma 0515-569561

## DAMMERS BINNE DER YN SOARTEN EN MATEN

(Knilles)

Soms kin men men der suver wol jaloersk op wurde as men sjocht hoe't guon fan de dammers der mei harren hiele siel en sillichheid foar it damjen geane. Altiten binne se mei in protte nocth folop mei it spultsje dwaande. Dat giet de hiele simmer ek troch, want de dam-ep is altiten on-line. Dêr wurdt troch harren ek in hiel soad gebrûk fan makke.

Prachtich fansels! Sa bliuwt men oan ien tried wei troch skerp.

Hoe oars is dat mei de dammers, dy't nei it ôfsluten fan it winterskoft de buorden en houtsjes rêt jouwe en ek net omsjogge nei hokfaar ep dan ek. By sokken is de kâns brut dat in protte setsjes wat yn it ferjitboek bedarje. It is dan ek wer in hiele toer om yn de hjerst de smaak wer wat te pakken te krijen.

Der binne fan dy dammers dy't as it sterk iis is, de houtsjes wol fergrome kinne as se dan damje moatte. Mei moai waar oerdei sitten gean te damjen, se moatte der net oan tinke. Leaver geane se te stikellûken, te fytsen, te rinnen, te hurddraven, te houtkapjen, te hekkeljen of wat dan ek ek, mar damje, nee se moatte der net oan tinke.

Sy damje graach as de dagen koartsje: jûns as it tsjuster is. Lekker gesellich op de klup achter in bakje kofje en mei in praatsje. Dat yn elts gefal ek. Gesellichkeit is nedich om in klup yn stân te hâlden. En dan wat strike en skowe en genietsje fan in spul.

Of in priisdammerij op jûn. Gjin lange partijen, mar flot op. Net ien, mar folle mear spultsjes op in jûn. Der binne fansels ek dammers dy't dat oangriist. Dy fine dat gjin damjen, want dan wurdt der neffens harren net út de partijen helle wat der eins yn sit.

Sa sjocht men mar wer: dammers binne der yn soarten. Foar de iene is dit it moaiste en foar de oare dat. En dammers dy't der foar de hiele siel en sillichheid foar geane is alles moai.